



DE NIJE MAN

(De nieuwe man)

Klucht yn sân bedriuwen

fan

JULIA ENGELEN

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE NIJE MAN – DE NIEUWE MAN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JULIA ENGELEN** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

LEO - 45, adjunkt-direktein, grut ego

CHRIS - 42, frou fan Leo

LYDIA - 65, mem fan Chris, hat neat mei Leo

BRUNO - 45, freon fan Leo, túnman

SANDRA/MELODY - 43, eks fan Bruno

JOANNA - jongfaam, studinte, fereale op Leo

DEKOR:

Keuken, doar nei hal/earste ferdjipping/foardoar. Doar nei tún. Tafel, stuollen, kofjesetapparaat/wettersieder. Kasten, klok.

Fierder eigen ideeën.

EARSTE BEDRIUW

(it is *fiif foar achten*. Chris sit by tafel geduldich aan te sjen hoe't Leo ynpakt wurdt troch Joanna dy't fol passy in gedicht besiket foar te dragen. Tafel is dekt foar 3 persoanen, kofje, jus d' orange, lege dop fan aai, bûter, ensafuorthinne. Foar Leo stiet in leech bôlebakje)

JOANNA: Myn kadetten grommelje nei dyn soppen, rauwe langstme as bistich bloed, op kommando trilje de billen... En dan rin ik fêst, gjin wurd yn 't sicht dat rimet.

LEO: Wat wolle dyn kadetten?

JOANNA: (*sucht fan langstme*) Oanrekke wurde. (*Chris hoastet, rinkelt twingend mei leppeltsje yn kopke*)

LEO: In gedicht hoecht net te rymjen, Joanna. Wat is der mei dy kofje fan dy, Chris?

CHRIS: (*suggerearret nei situaasje mei Joanna*) Te hyt.

LEO: Wolst dêr mei ophâlde? It hindert ús yntellektuele ynteraksje. Is der noch kofje trouwens? (*hâldt kopke by, Chris braaf oerein, skinkt yn. Joanna hâldt glês omheech*)

CHRIS: Do hast noch.

JOANNA: O ja? Neat fan murken. Ik sit follein yn it sûgjende ritme fan de kreaasje.

CHRIS: It is wol in ritme ja, mar net dat fan in kreaasje. Leo skat, hâldst de klok yn de gaten, ja?

LEO: (*slacht gjin acht op Chris*) Joanna, do giest te koart troch de bocht mei dat gedicht. Wurden moatte romte ha, oars slaan se dea.

JOANNA: Wat sizze jo dat wer moai, menear Huizinga.

LEO: Do skriuwst it op tink?

JOANNA: Absolút. (*skriuwt*) Ik ha hast in boekje fol.

LEO: Hoe bedoelst?

JOANNA: Mei fan dy briljante opmerkingen fan jo. Ik skriuw se allegear op en jüns op bêd lês ik se noch es oer.

CHRIS: O got, op bêd noch wol.

LEO: Opmerklik, hiel opmerklik, Joanna. No moatst opsjitte, leaf fanke, oars komst te let op skoalle.

JOANNA: Sjoch ik jo tusken de middei noch?

LEO: Ik tink dat ik dan in gearkomste ha.

JOANNA: Alwer?

LEO: As adjunkt-direkteur ha je in soad gearkomsten. Ik nim alle dagen hûnderten besluten oangeande de studinten. Ik bin aansen ek wer foar dy oan de slach, Joanna.

JOANNA: Oh, menear Huizinga. (*gicheit*) Ik sil noch even nei 't hûske. (*ôf hal*)

CHRIS: Leo, dit kin sa net langer. Dat fanke flibet al wiken op dy om.

LEO: Dy is gewoan bliid dat ik har help. Sa'n skrijsje skriuwe kin hiel benearjend wêze.

CHRIS: Dizze dame is folslein net benearjend nei dy ta. En hoe stiet it mei de skrijsje? Is der dizze moarn ien paragraaf fan besprutsen? No?

LEO: It binne de trage molens dy't it bêste moal leverje. Is dat in besteande siswize? Ik leau fan net. Skriuw op, Chris, alwer in briljant sitaat fan my.

CHRIS: Lit dy benearjende oanbidster fan dy dat mar yn har boekje skriuwe.

LEO: Goed opmurken, Chris. Yn dit hûs binne myn yngenieuze útspraken doch net mear as foer foar de bargin. Kofje graach.

CHRIS: Ik ha dy krekt ynskonken.

LEO: Do hast it kopke mar heal folskonken. Ik wol graach in folle kop kofje.

CHRIS: De kofje is op.

LEO: In studint begeliede by in skrijsje ferget in soad saakkundigens. Uteraard is dat, it nivo fan de studinten meirekkene, needsaaklik, mar it is ek in falkûle. Myn namme stiet omers op it ynformaasjeboerd, yn it foarwurd en is fan krúsjaal belang yn it tankwurd. Boppedat easkje ik fan de studinten dat se yn de evaluaasje de belangrike ynbring fan harren skrijsjebegelieder fermelde, (*Chris harket al net mear*) want it stiet sûnder mear fêst dat myn bydrage it sukses fan harren wurk garandearret. Harkest wol, Chris?

CHRIS: (ôfwêzich) Ja hear.

LEO: Myn namme...

LYDIA: (op hal, yn pyama, ûnderbrekt) De badkeamer is beset.
(skinkt harsels kofje yn)

CHRIS: Joanna fansels.

LYDIA: Ha wy dy adoptearre of sa?

CHRIS: Ik net mem, Leo.

LEO: Sa't ik sei, myn namme soe op it foarblêd fermeld wurde kinne.
Ik tink net dat soks te folle frege is.

LYDIA: En, is syn ego op dit oere fan de dei al genôch streeke of soe
de jonkfrou noch wat boarsten en billen yn de striid goaie
moatte?

CHRIS: Ik wachtsje op it momint dat se de titten tsjin him oan drukt.

LEO: (nergens fan bewust) Boezem, skat, boezem. Titten is ordinêr.

LYDIA: Dat hinget der fan ôf fan wa't dy boezem is.

LEO: Skat, doch myn strik even goed, do hast der fanmoarn mei de
pet nei slein. (*Chris nei him ta, tipelt mei de strik*)

LYDIA: Moat ik helpe?

LEO: Nee, tanke. Dy help fan dy ken ik. Ferline wike hiest der in strop
fan makke. At dy leave Joanna my net warskôge hie, wie ik nei
skoalle rideń as in feroardiele misdiediger ûnderweis nei it
skavot.

JOANNA: (op hal) Menear Huizinga, ik betink my krekt dat wy de
oanpaste ferzje fan ús foarige gearkomste noch net neisjoen ha.
(*pakt papieren, leit dy foar Leo del, wiist op tekst, hinget mei
boarsten by him op skouder*)

CHRIS: (kochelt mei klam, set wizers fan klok op healwei njoggenen)
Ik bin yntiid allergysk foar boarsten wurden, mem. Klau my de
rêch even, alles jokket my.

LEO: (blêdet mei folle oandacht) Ja, wat hast oanpast?

JOANNA: De ferklearring oer de wergeboarte fan de mystike
spullen...

CHRIS: Leo, de klok!

LEO: O, al healwei njoggenen! De tiid fljocht.

LYDIA: Foaral atst dy fermakkest.

LEO: (*oerein, stiet liif oan liif mei Joanna*) It stik oer de wergeboarte besjogge we oare kear wol.

JOANNA: (*mei nedige drama*) Oh, menear Huizinga. (*sucht*) Past it moarn?

CHRIS: Nee.

LEO: Jawol.

JOANNA: (*Ingelsk, ferliedlik*) STSP?

LEO: Wat?

JOANNA: Same time, same place?

LEO: Frysk, Joanna. Yn dit hûs prate we allinne geef Frysk.

CHRIS: Ik lit dy derút. (*Joanna makket har no pas los fan Leo, dûdlik mei tsjinsin. Chris en Joanna ôf hal*)

LYDIA: Leo, sa't dy del har gedraacht kinst net echt fatsoenlik neame. En dat dêr't dyn frou by is.

LEO: Chris begrypt dat ommers. It is trouwens mar kealleafde, alhoewol't ik wat útstrielje moat dat foar de froulike studinten hiel oantreklik is. Ik merk in tanimmende ynteresse yn myn persoantsje. Ik moat sizze: it streaket myn ego.

LYDIA: Dat ego fan dy is al grut genôch!

CHRIS: (*op*) Leo, ik wol dy frou hjir net wer by de itenstafel sjen.

LEO: Do kinst Joanna al min in frou neame. Boppedat is it in perfekte regeling. Foar my in ideale opwaarming en foar har... (*Chris set klok werom*)

LYDIA: De ideale seksuele opwaarming. Rûktesto dat ek Chris? Se hie harsels wer hielendal ûnder spuite mei Leo syn deodorant. De hiele badkeamer sil der wol wer nei stjonke. (*ôf hal*)

LEO: Wat dochsto no?

CHRIS: Ik set de klok werom.

LEO: Is 't noch mar acht oere? Hoesa hiest de klok in healoere foarút set?

CHRIS: Om dy maartske kat de doar út te krijen.

LEO: Dan wol ik noch wol in gleske jus 'd orange. (*sitte, hâldt glês by*)

CHRIS: (*docht as sjocht se it net*) Ik wol har hjir net wer oer de flier ha, Leo.

LEO: Do begrypst it net, Chris. Joanna is de dochter fan vrou Willems, dy dragonder fan de ûnderwiisynspeksje. Dy wol ik net tsjin my yn 't harnas jeie. In lyts fûgeltsje hat my trouwens yn 't ear flûstere dat sy de earstcommende ynspeksje fan ús skoalle liede sil. Ik ferwachtsje in tsien. Stel dy foar wat dat betsjutte soe foar myn karrière. Der sil in nije burostoel oanskaft wurde moatte, in echt learen draaistoel fansels. En airco fansels. Ik wol net mei it swit op de kop yn dy nije draaistoel sitte.

CHRIS: Dat ynteressearret my net. Dat buorreljende potsje oestrogeen mei fan myn part oeral oersiede, mar net yn myn hûs.

LEO: Is der noch jus 'd orange? (*pakt aginda*)

CHRIS: Stiet op tafel.

LEO: (*hâldt glês by*) Mei ik in gleske?

CHRIS: Jawis mei dat. (*sitte, pakt wykblêd, lêst. Nei pear tellen hat Leo troch dat Chris him net betsjinje sil, skinkt dan sels yn. Chris hâldt glês by, mar Leo docht as sjocht er it net. Chris skinkt dan sels mar yn. Blêdet ergere fierder*)

LEO: (*sjocht yn aginda*) Ferjitst net it blauwe pak fan de stomerij te heljen? Foardatst betellest wol earst even sjen oft de mouwen en de broekspipen goed strutsen binne. En ferjit net de kontener by de dyk te setten.

CHRIS: Dy wurdt oare moarn pas lege.

LEO: Ik sis it mar fêst, foardatst it ferjitst. Wat soesto sûnder my beginne moatte? Wolst ek de skuon poetse, de sitaten fan dizze wike úttype en de auto útsûgje? En fanmiddei komt der in manlike studint, Piter Baks, del om syn ferbettere skripsje op te heljen.

CHRIS: Fanmiddei bin ik der net.

LEO: Hoesa net?

CHRIS: Omdat ik der net bin. Is dat in probleem?

LEO: Ik woe datst dat earder sein hiest, dan hie ik dy ôfspraak net makke.

CHRIS: En ik woe datst opholdst my foar fanselssprekkend te hâlden.

LEO: As fanselssprekkend. As. En net hâlde, mar nimme of beskôgje kin ek.

CHRIS: Leo! Ik bin net ien fan dyn studinten.

LEO: Dat begryp ik. Studinten nimme noasje fan dingen en binne faak bliid at in yntelliginte learmaster harren teplak wiist. Sy keure kennis net ôf mar omearmje dat grutmoedich.

CHRIS: Ik lis no ien kear net oan dyn fuotten en praat sa't it my leard is.

LEO: Spitich genôch wol, ja.

CHRIS: Der sit groei yn elke teloarstelling.

LEO: Dyn sitaat foar dizze dei? Fan wa hast dizze?

CHRIS: Tafallich fan mysels.

LEO: En do hast de kofje noch net iens op. Profisiat!

CHRIS: Leo! No giest te fier! Do bist de lêste tiid ûnmooglik.

LEO: In belangryk eigenskip fan in adjunkt-direkteur is dat er in beskieden ego útstriet. Do snapst soks net, Chris. Tink derom, ik besef dat (*rattelet*) mei it nivo fan ûnderwiis datsto hân hast, ik net ferwachtsje kin datsto ynsjochst dat myn oanstelling as adjunkt-direkteur sosjale en relasjonele ferwachtingen skept dy't dyn begryp fier te boppen gean en dy...

CHRIS: Wurdboek!

LEO: Och kom, sa dreech is dit net. Oaremoarn om tsien oere ha ik in gatsje foar de kapper. Soesto hjoed in ôfspraak foar my meitsje wolle? En tink om de Brinta, ik ha fanmoarn it lêste pak oanbrutsen.

CHRIS: (*lilk as seage mar kalm*) Ik moat dy noch wat sizze.

LEO: Is it essinsjeel?

CHRIS: Hoe bedoelst? Fansels is it essinsjeel. Oars soe 'k it net sizze.

LEO: Do wolst altyd safolle sizze, bist soms krekt in fentilator dy'tst net útsette kinst. De meast ûnbenuilige dingen rôlje dy oer de lippen. En ferwiten, sa ientoanich.

CHRIS: Fûnsto goede kommunikaasje net de basis fan in relaasje?

LEO: Nuttige kommunikaasje. Belangrike saken. Mar goed, kom mar op, ik harkje nei dy ûnbenuilige saken fan dy.

CHRIS: (*lilk, lêst wer*) Nee tanke, it is net belangryk.

LEO: I rest my case.

CHRIS: Yn dit hûs prate we allinne geef Frysk.

LEO: Dizze Ingelske útdrukking foarmet in diel fan ús taal!

CHRIS: Stiet er yn it wurdboek? (*Leo fljocht oerein, pakt wurdboek, siker, klapt boek wer ticht*) Net dus. (*koarte stilte, Chris lêst. Leo werom op stoel, trommelt ûngeduerich mei fingers op tafel. Sy lêst wat foar, wittend dat it Leo net ynteressearret*) Witsto dat se yn 1995 de BMI-grins foar oergewicht oanpast ha, fan 27,5 nei 25? Sa krigen miljoenen minsken fan de iene op de oare dei obesitas. De motivaasje hjirachter wie dat it sifer 25 folle makliker te ûnthâlden wie.

LEO: Wolst asjebleaft by it ûnderwerp bliuwe?

CHRIS: Wat ûnderwerp? It feit datst net nei my harest of it feit dat it dy gjin barst skele kin wat ik sis?

LEO: Is der noch kofje? (*hâldt kopke by*)

CHRIS: Kofje is der altyd. (*lêst. Leo skinkt yn, twa skeppen sûker*) Dy sûker sil der foar soargje dat dyn aorta ticht groeit.

LEO: Ik moat doch wat dwaan om dyn dei goed te meitsjen. (*noch skepke*) Wylst de fokus by in goede kommunikaasje fan it operasjonele nei it strategyske ferskowe moat, wêrby't de kommunikator as regisseur optreedt en de ferskillende partijen fasilitearret ta in effisjinte kommunikaasje, moatte der al by de basis strategyske keuzes makke wurde. Mei oare wurden...

CHRIS: Do leaust yn oerfloed.

LEO: (*ferrast dat er samar ûnderbrutsen wurdt*) Pardon?

CHRIS: Do leaust yn oerfloed. Ja?

LEO: Ik bin ateïst, dat witst ommers.

CHRIS: Yn lichaamlike oerfloed. Yn frôlike oerfloed: grutte boarsten dy't op skouders hingje, lange skonken, grutte eagen, wapperjend hier, rûne, stevige kont. Komt der dy spontaan ien yn 't sin?

LEO: Do bedoelst in frou as Marilyn Monroe? Ik hie as jonge in poster fan har boppe it bêd. Dy hie ik fan ús heit pikt en dy doarde der neat fan te sizzen omdat er dan kleur bekenne moast tsjinoer ús mem.

CHRIS: Moatst dêr no fuort in gesicht op plakke?

LEO: Do hiest de doelgroep perfekt omskreaun.

CHRIS: Do kinst it dy dus levendich foarstelle. Ik snap it al.

LEO: It is net snappen, mar begripen.

CHRIS: Boeit net. Ja dus.

LEO: Ja wat?

CHRIS: Do leaust yn oerfloed: Marilyn Monroe, romboarstige studintes mei skripsjes.

LEO: Bespeur ik soms ûnsekerheid? Do moatst net te folle yn dat moadebledsje sjen. Achterôf reagearrest altyd dyn ûnsekerheid op my ôf. It is net myn skuld datsto dy fange litst troch it opkrongen skjintme-ideaal, it kredo fan alle marketing-techniken.

CHRIS: Wêr is dy poster fan Marilyn Monroe bedarre?

LEO: Wit ik net. Skamte is trouwens in sinleazeemoasje.

CHRIS: Dus at ik yn de beringing yn de noch net útpakte doazen sykje, dan kom ik dy poster net tsjin? Hast 'm fuortsmiten doe't wy ferhuze binne?

LEO: En dy froulju yn dy blêden binne allegear foto-shopt, al is dat net in korrekt Frysk wurd.

CHRIS: Hasto dy poster noch, Leo?

LEO: Ja Christiane, ik ha dy poster noch.

CHRIS: Maniak.

LEO: Hoesa?

CHRIS: Marilyn Monroe ferdomme. Do bist ferslaafd oan studintes, eh froulju mei grutte boarsten.

LEO: Sjoch ik derút as in ferslaafde?

CHRIS: Ja!

LEO: Je kinne alkohol- of drugs-ferslaafde wêze, net Marilyn Monroe-ferslaafde.

CHRIS: Sjoch mar es yn de spegel, dan sjochst ien.

LEO: Unsin.

CHRIS: Bleek fel, pûsten.

LEO: Pûsten!

CHRIS: Op de kont! Lytse pupillen, stoarjende eagen.

LEO: Dat is fanwegen fernuvering.

CHRIS: Switte, trilje en do kreamest ûnsin út. Eins kreamesto al moannen ûnsin út, súnt dy promoasje ta adjunkt-direkteur en de

Marilyn Monroe's it hûs yn en út swermje. Dus ik freegje it noch es: hâldsto fan oerfloed?

LEO: Dêr is neat mis mei!

CHRIS: Ik wist it. Ik wurd besoademitere dêr't ik by stean. Unminsklik behannele. Noait in betankje. Noait in blomke, lit stean in kadootsje as teken fan wurdearring. Mar wol: doch dit, doch dat, de godgânske dei troch. Noch minder, elke dei wurdt de doar hjir platrûn troch dat romboarstige froufolk fan dy skoalle fan dy en ik moat it allegear mar goedfine. Myn leven is te kostber foar dizze shit. O ja, shit sil ek wol net yn dat wurdboek fan dy stean! (*ôf hal*)

BRUNO: (*op achter*) Koekoek! Is der belet?

LEO: Bin ik wekker?

BRUNO: Do sitst doch aan de kofje? (*skinkt 'm sels yn, drinkt*) Perfekt. Hjoed knip ik de hage aan de dykskant en it gers moet bedonge wurde, der komt te folle mos yn.

LEO: Hasto in poster fan Marilyn Monroe?

BRUNO: Marilyn Monroe, Brigitte Bardot, Gina Lolobrigida. Hingje allegear boppe it bêd.

LEO: Wêrom hasto doch safolle gelok?

BRUNO: Ik bin net troud.

LEO: Dan sil ik it gelok wol noait fine.

BRUNO: Nee, ik tink it net.

LEO: Ik moat gek west ha sechtjin jier lyn. Knettergek.

BRUNO: Wiisheid komt mei de jierren.

LEO: Ik bin mei in waansinnige troud.

BRUNO: Christiane is gjin gewoane frou, nee.

LEO: Dêr binne serieus kosten oan.

BRUNO: En ûnderdielen binne faak net te krijen. Miskien by de sloperij.

LEO: Wat ik ek doch, ik bin altyd de pineut. Léstendeis waard se lilk omdat ik de bûterfloat neist it board set hie en net midden op tafel. In hiele sêne makke se der fan.

BRUNO: Egoïst.

LEO: Ik moast noch trije stikjes bôle smarre.

BRUNO: Yn dat gefal. Fretsek.

LEO: Ik krij ek noait gelyk, noait. Tink derom, myn ideeën binne altyd dúdlik en folslein logysk, better sein, ik soe altyd, altyd gelyk krije moatte.

BRUNO: At je gelyk ha, ha je gelyk.

LEO: Hielendal mei iens.

BRUNO: Utsein at je ûngelyk ha.

LEO: Wat is der mis mei my? Neat doch? Ik sjoch der goed út, sjarmant, enerzjyk, yntelligent, suksesfol. De measte froulju falle yn swym at se my sjogge.

BRUNO: Froulju hâlde fan leave manlju.

LEO: Leaf! Dat is leau 'k wol it slimste datst oer in man sizze kinst.

BRUNO: Sorry, ik bedoel aardich.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto